


11-3-'87

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Ineke Feenstra-Sijbesma, tel. 9277
Sytske Dijkstra-Bouwhuis, „ 2968
Richtje Speerstra-Bakker, „ 2635
Rients van Buren, „ 9280
Jan Dijkstra, „ 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800
t.g.v. It Skieppesturtsje Tjerkwerd.

FOARWURD:

Achte lêzers.

It is waar om efter it buro te krûpen en in stikje
foar de Skieppesturt te skriuwen, mar dan wolle we sa
njonkenlytsen de sinne wol wer ris sjen. We hearre wol
gauris sizzen, dat de simmers eartiids langer en waarmer
wiene, mar sjoen it gedicht fan O. Postma wie it doe
ek wol-ris oars.....

De âlde pleats leit sa stil yn it lân
yn it donkre giren fan'e finne.
Jout sêft him del yn it skiere waar,
En de rein dy falt der mar hinne.

Alinne yn it mulhús sit de frou,
Troch de beammen heal yn it tsjuster,
Sjocht from nei de simmerreinen út,
en rekket de tiid hast bjuster.

Yn it bûthús op'e boartersstâl de bern
Fermeitsje mei diggels har sedich,
En lûsterje nei it beammegeraas
En binne sa froed en sa fredich.

Yn it hôf de âlde parrebeam
Lit falle syn lêste blomme,
Dy siden pronk is dêrmei wei,
No sille de fruchten komme.

It spul rêst fan maitiidsdroke út
By it sêfte simmerreinen
Mar strak -de mieden lizze sa skoan-
Dan kreakje op it hiem wer de weinen.

Dit gedicht bringt ús werom nei in tiid dy't al wer
fier efter ús leit; de goede âlde tiid. Troch tarieding
fan de reuny dy't 5 septimber hâlden wurde sil, binne in
protte Tsjerkwerters werris werom dûkt yn dit ferline.
De Houten Ferdommenis, Durk Lemstra's burd, Brandt en syn
hûnekarre, Sytse syn tûntsje en Rommy's taksi binne praat-
fan'e-dei.

Mei troch de fotokolleksje fan Mulder begjint it ferline
sa njonkenlytsen foar hiel wat Tsjerkwerters wer te libjen.
Je kinne sizze dat de reuny al hiel wat koartsslachtoffers
makke hat en mei it ferstriken fan'e tiid sil it grif út-
groeie ta in epidemy.

Der wurdt no al koartseftich wurke oan'e revu, der wurd
stind oer im optocht en de reunykommisje hat it noch
fleanende drok.

Ek giet it de redaksje fan'e Skieppesturt net alhiel foarby;
moandei-te-jûn 22 juny Skieppesturt-gearkomste by Jan
Dijkstra; nei tsienen oefenje foar de revu; it gie der nochal
fleurich om ta. Buorfrou Anneke fûn dat de lûden, dy't yn
har keamer tadrongen, net wat út te stean ha koene mei it
ynelkoar setten fan in krantsje.

Wat him ôfspile hat, sille jimme skylk wol sjen!

Yn elts gefal is it posityf dat der meielkoar wer wat op
priemmen setten wurdt; Soks slagget grif.

Wat ek in sukses liket te wurden binne de kuier- en fyts-
tochten dy't organisearre wurde troch Doarpsbelang.

Fjouwer sneon-te-jûnen in bledsje rinne of fytse fan'e klavertsje-fjouwer-route mei as begjin en einpunt Tsjerkwert. Sa komme jo op plakken wêr't je foarrinne noch nea earder west binne en treffe dêr minsken dy't je faak net sa goed kenne.
 De lêste jûn falt op 11 july en dan stiet de grutte fakânsje ek al foar de doar.
 Der binne in protte minsken dy't harren boeltsje pakke en Tsjerkwert foar in skoftke goeie sizze. Studinten goaie harren tassen yn'e hoeke en oaren dy't harren stúdzje ta in goed ein brocht hawwe hingje harren âlde tas yn'e wylgen; Se binne wol oan wat ferdivedaasje ta.

GESLAAGD!



In lokwinsk foar elkenien dy't dit jier slagge is.
De jeugd fan Tsjerkwert hat lykwols al in foarproefke
hân fan'e fakânsje; se binne mei syn fjirtigen in wykein
nei Skylge west.
De âldererein woe der net foar ûnder dwaan; se makken mei-
elkoar in útstapke nei it wynmûnepark yn Seisbierrum.
Minsken lêse it krantsje mei nocht.
We winskje jimme in goede fakânsjetiid ta!
Kopy ynleverje foar 15 septimber.

Nammens de redaksje

Rixt.

BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:

Ditmaal had ik het volgende voor u opgetekend:
Dodenherdenking 4 mei j.l. Al de komende 4 mei's moet
dit herdacht worden, vast en zeker om reden die gevallen
zijn om ons de vrijheid te schenken, behalve om deze vrij-
heid weg te schenken.
De dichter Leo Vroman zette na de oorlog deze regels op
papier:
Kom vanavond met verhalen
Hoe de oorlog is verdwenen
En herhaal ze honderd malen
Alle malen zal ik wenen.
En waartoe vredelievendheid kan leiden, dat hebben wij
meende ik in 1940 wel gezien en velen met mij zullen er
nog wel even bij stil hebben gestaan.
Onlangs en wel op dinsdag 28 april maakte de bejaardensoos
van alhier als afsluiting van het winterseizoen met een
zestal auto's nog een rondreis door een gedeelte van ons
gemeente. Als eerste werd Schraard met een bezoek vereerd
en een aantal met mij maakte een rondgang door het dorp

Vanzelfsprekend tijdens deze rondwandeling kwamen vele verzonken beelden van eertijds weer bij mij boven. Vanaf 1946-1964 kwam ik daar wekelijks (appel en peren-tijdperk).

Nadien de meervallenkwekerij bezocht, waar dhr. Kooistra een duidelijke en vriendelijke uitleg gaf en waar de gerookte meervallen een ieder van ons goed smaakte.

Na dit alles verliet het gezelschap vervolgens langs de hoofdplaats, Arum, Kimswerd langs smalle binnenwegen naar Cornwerd, Makkum.

Naar de Vigelante in verbouw en aanbouw. Ook hier een vriendelijk ontvangst, zowel van de directie als de bediening en waar de koffie met gebak een ieder voortreffelijk smaakte. En waar een ieder nadien nog iets tot zich nam hetzij uit een groot of een klein glas.

En zo genoot ieder van het goede der aarde.

Voor al met het prachtige uitzicht op het IJsselmeer en niet te vergeten het mooie strand.

De reis kreeg een vervolg langs Skuzum. En zo arriveerde tegen 6 uur een ieder weer

in haar of zijn vertrouwde omgeving. Een wonderschone middag en een waardige afsluiting.

En de drie dames, die alles evenals de afgelopen bijeenkomsten alles weer perfect hadden geregeld, namens alle leden van de bejaardenseos veel en veel dank hiervoor!!

Op het strand bij de Vilelante.

L.N. = Nieuws oftewel uit de zevende natuur.

Op diezelfde 28ste april ontwaarde mijn oog nog een schoonheid met ontbloot bovenlijf. Nu is dit allang niet meer schokkend wereldnieuws. Maar ik wilde u dit niet onthouden vanwege de vroege datum.

De aanstaande vakanties.

Op de camping valt veel te zien en mee te maken. En er zijn mensen, die in hun vakantie musea bezoeken of door de stadjes en dorpjes kuieren, vaak kauwend op een halve rookworst of likkend en genietend van een grote hoorn ijs.

Er zijn mensen, die torens beklimmen of boottochten maken. Het plezier van vakantie moet je nu eenmaal kopen.



En je hebt geen enkele garantie dat het plezier biedt.
En een kleine groep kamperen bij de boer, dat is de laatste jaren helemaal in!



En dan de melk en de eieren, die ze van de boer kopen, daar zitten ze dan blij van te drinken en te eten.

En als dorpsbakker met het natuurbrood zogenaamd op hout gebakken verschijnt, vindt hij dan ook gretig aftrek.

En als de boer nog even met de gierbak met drijfmest het omringende land bemest voor de juiste geur naar het waren buiten zijn in de natuur, dan is dat wel het einde voor de stadsmens!

Ja tijden hebben nu eenmaal tijden!

En ook..... zal menigeen op zijn of haar vakantie weer de bordjes tegenkomen bij de kerken met het opschrift: Kerk voor bezichtiging. Daar is niets op tegen. Maar.... kerken zijn nu eenmaal meer dan alleen voor bezichtiging. En daarom ontdek het echte doel van deze gebouwen. Wie u ook bent en hoe u ook komt.. te voet, op de fiets of met de auto, u bent er altijd van harte welkom!

Het gehele leven gaat nu eenmaal om inzet en motivatie! Voorlaatste boelgoed op 22 april 1953 alhier ten huize en ten verzoeken van mevr. en wed. Pasma op Jonkerhuizen. Het B.N. schreef het volgende: In de verte was het reeds te zien dat er in Tjerkwerd iets bijzonders aan de hand was. Spoedig ontdekte men honderden fietsen, lange rij auto's waar zich al dat reizende volk concentreerde.

En het waren heus niet allemaal kopers, die ronddoelden in schuur en stal en die vol spanning Klaas de oproeper aan de lippen hingen. Ook de dorpsdominee was van de partij en zelfs de stadstandarts was present.


Het B.N. eindigt dan ook met n.l. een boerenboelgoed heeft altijd iets weemoedigs zelf als er -zoals hier- goede prijzen werden gemaakt.

En op die 22ste april 1953 stond ik op het erf met mijn handel zoals chocolade repen, pinda's, bananen, appels

en sinaasappels e.d.

Elders in deze krant kunt u de advertentie lezen van het beschreven boelgoed.

6. Juni j.l.



In deze stad aan de rivier de Lek werd in het kader van de Brederode-feesten het Nationaal Kampioenschap voor Stads- en Dorpsomroeper gehouden. Een tiental uit den lande nam er aan deel en zoals u weet ook ikzelf.

De jury bestond uit drie personen, waaronder Dick Rienstra en de 81 jarige omroeper van 's Gravendeel, die het na 50 jaar trouwe dienst vorig jaar voor gezien hield.

11.00 u. eerste gedeelte (verplichte tekst)

12.30 u. gezamenlijke lunch

13.45 u. vrije tekst

15.00 u. prijsuitreiking

De verplichte tekst moest worden omgeroepen op een podium, aan de Voorstraat en toen ik als no. 8 het podium betrad klonken door verschillende luidsprekers in de straat, evenals eerder voor de voorafgaande deelnemers een korte persoonsbeschrijving. Voor mij was dit het volgende:

Schakel de dorpsomroeper uit het Friese Wonseradeel, die al meer dan 50 geboorten in zijn dorp omriep sedert 1976 en nog vele boodschappen van uiteenlopende aard door de straten van zijn dorp aldaar. Al met al eindigde als no. 8 Meer zat er niet in!

Wederom kon ik na thuiskomst een 'schone dag'! bijschrijven in mijn handelingen van de dorpsomroeper.

Een dag met bellen, ratels en gozen en een goede organisatie. En 4 supporters uit Breda.

Gemeentewerken



Wûnseradiel

Ongetwijfeld neemt ook U in meerdere of mindere mate, via diverse media, kennis van milieu-verontreiniging en afvalstoffenproblematiek. Het is met name het laatste waarvoor wij U aandacht vragen. Om een optimaal hergebruik van afvalstoffen te bevorderen is het noodzakelijk dat delen van de normale afvalstroom, middels gescheiden inzameling, worden afgescheiden. Van gemeentewege wordt voor ondermeer dit doel in de loop van dit jaar een opslagdepôt voor klein chemisch afval gerealiseerd, waarin de meeste schadelijke stoffen die door de inwoners worden aangeboden worden opgeslagen.

Een weinig opvallende maar desalniettemin voor lucht, bodem en water, uitermate vervelende afvalstof, is de batterij, in alle voorkomende vormen.

Om de batterij op grote schaal uit de dagelijkse afvalstroom te weren is, naast een van gemeentewege t.z.t. in te stellen ophaalsysteem, reeds overgegaan tot plaatsing van een groot aantal gele batterij-emmers, met het opschrift: "Deponeer hier Uw gebruikte batterijen", bij verschillende winkeliers, SRV-wagens en/of scholen bij U in de omgeving. De inlever adressen zijn herkenbaar aan de sticker Max Milieu. Burgemeester en Wethouders van Wûnseradiel doen een beroep op medewerking van de inwoners.

DE EMMER STAAT BIJ: KIKSTRA - TE TJERKWERD - WINKEL

=====

SPORTRAAD WUNSERADIEL

-zwemmen

OM HET KAMPIOENSCHAP VAN WUNSERADIEL.

DATUM: ZATERDAG 11 JULI 1987 TE WITMARSUM.

AANVANG: 10.00 UUR.

AANMELDING TEN GEMEENTEHUIZE (A.NAUTA) OF
BIJ HET ZWEMBAD TOT EN MET 9 JULI.
DIVERSE LEEFTIJDKlassen.



-fietstocht

OP ZATERDAG 5 SEPTEMBER 1987 OVER DE
AFSTANDEN 100, 60 EN 30 KM.

STARTPLAATSEN WITMARSUM(100, 60 EN 30 KM),
MAKKUM(60 EN 30 KM) EN BIJNA ALLE PLAATSEN
(30 KM) VAN WUNSERADIEL.

AANVANG 08.00. 0900 EN 13.00 UUR.

-schoolkaatsen

OM HET KAMPIOENSCHAP VAN WUNSERADIEL.

DATUM: IN DE HERFSTVAKANTIE.

PLAATS: SPORThAL MAGGENHEIM.

DEELNAME ALLEEN VANUIT DE GEMEENTE

UITNODIGING

AAN ALLE 55+ ERS IN WUNSERADIEL


7 Juli a.s. organiseert dorpsbelang Pingjum een informatiedag: 'Gemeenschappelijke woonvormen voor ouderen in Wûnseradiel, een alternatief voor gewone mensen'.

PROGRAMMA:

1. Opening door de voorzitter van dorpsbelang Pingjum met korte toelichting plannen Pingjum.
2. Film waarin een aantal voorbeelden van bestaande woonprojekten worden getoond.
3. Inleiding door dhr. C. Albert, bewoner en initiatiefnemer van een woonprojekt in Gasselt.
4. Pauze.
5. Mogelijkheid tot stellen van vragen aan:
Dhr. Albert (bewoner woonprojekt Gasselt).
Dhr. Hettinga (wethouder Wûnseradiel).
Dhr. v.d. Ley (directeur Woningstichting).
Mevr. Pool (initiatiefneemster projekt Sexbierum)
? (funktionaris Landelijke Organisatie Belangengroepen Huisvesting)
6. Sluiting.

- 000000 -

- 000000 -



NIEUWE INWONERS:

Hallo,

Graag willen wij ons bij deze even aan u voorstellen. Wij zijn Willem en Eeuwke Hilt en wonen samen met onze twee kinderen Johan, 3 jaar, en Siebrig, 1 jaar, op Singel 11.

Het bevalt ons hier prima en ik zou zeggen wie langs wil komen, de koffie is snel klaar.

Groeten Willem, Eeuwke, Johan
en Siebrig Hilt.

.-.-.-.-.-.

Sinds 27 december 'wonen' we dan aan de Waltaweg in 'de âld hang', Tine en Daan van Stigt-Thans.

We komen uit Epe en daar wonen we ook nog! Dus daarom een paar dankbare rijke mensen!

Tine, mijn vrouw, is moeder en huisvrouw en doet dit voortreffelijk. Zelf ben ik leraar aardrijkskunde en godsdienst op een MAVO-school.

Omdat ik volgende cursus bij een fusie uit mijn werk denk te stappen, hebben we de sprong naar Tjerkwerd gedaan. Wat daar allemaal uitvoort zal komen is voor ons nog een vraag. In ieder geval een heel prettig avontuur, want we voelen ons hier al helemaal thuis! Zijn in een allergezelligst buurtje terecht gekomen met fijne mensen. Ook willen we erg graag zoveel mogelijk deelnemen aan alles wat in Tjerkwerd gebeurt.

Met groetjes uit 'de âld hang'.

.-.-.-.-.-.

Better let as net.

Sinds we per 1 april j.l. officieel in Tjerkwerd zijn komen wonen, hebben we al met veel mensen kennismemaakt, mede dankzij de fantastische 'klaverblad' wandeling.

Voor degenen onder u, die zich nog steeds afvragen wie die 'fremde gesichten' zijn: Laurens de Haan, Betty de Haan, zoon Marcel en dochter Anoeke.

Laubens zult u niet erg vaak zien, hij werkt in de off-shore en is machinist op de 'Markab' een bevoorradings-schip, gestationeerd in Den Helder.

Betty is huisvrouw en probeert het tuinieren onder de knie te krijgen, wat niet meevalt, gezien de ~~weersomstandigheden~~ omstandigheden.

Marcel is geboren op 12 november 1971 en zit op RSG Magister Alvinus in Sneek. Hij heeft twee wedstrijden met het Tjerkwerder voetbalteam gespeeld, maar moest helaas stoppen, omdat hij midden in de repetities zit en zijn overgangskansen fifty-fifty zijn, dus school gaat nu even voor.

Anoeke is geboren op 23 mei 1975 en zit nu nog bij meester Dam in de klas, waar ze het erg naar haar zin heeft.

Na de grote vakantie gaat ze naar Titus Brandsma College in Bolsward.

Dit is in het kort het 'Hanengebeuren' wie meer wil weten is hartelijk welkom op Sylroede 6. De koffie (of iets anders) staat klaar.

Vriendelijke groeten van de
familie de Haan.

.....
SLAGGE:

Frysk A diploma:

A. de Boer
S. de Boer-Reitsma
S. Eringa

Slagge oan'e musykskoalle:

Anneke de Jong, dwarsfluit A
Hilda Twijnstra, " "
Leon Falkena, bugel A
Ineke Haarsma, bugel A



Renie Poelstra, bugel A
Jan-Germ Hofstra, cornet A
Reinold Poelstra, slagwerk B

Nijenhove IHNO-diploma:

Alie Feenstra
Petra de Lange

MAVO-diploma:

Akke Algra
Foekje Bakker
Jeltsje Feenstra
Hilda Twijnstra

HAVO-diploma:

Marcel Mekking
Bouwe Speerstra

Diploma Boerenkaasbereiding:

A. Hiemstra-Hoekema

Diploma HAVO/MBO:

Tetje de Jong

PABO:

Baukje Postma

Allegearre fan herte lokwinske,
en wa't noch mear minsken wit, dy't slagge binne,
jow it dan efkes troch oan'e redaksje.


=====

B O A R G E R L I K E

S T A N

Op 26 juny ha Sietse Gietema en Anna Wiersma de lappen gearsmiten. Se wenje tusken Tsjerkwert en Dedzjum en sa komme se elkoar dus op'e helte temjitte op Hemdyk 1.

Freed 19 juny binne Perry Goeman en Jitty Huitema troud.



Playback-show

Op tongersdei 3 septimber wurdt der de jûns in grutte PLAYBACK-SHOW hâlden yn'e Haarsma-hallen. Jong en âld, lyts en grut, dik en tin, muzikaal of net, elkenien kin der oan mei dwaan. Jou jim dan graach wol sa gau mooglik op by A. Dam, tel. 9406. Sille we ôfprate foar 10 july?

REPETYSJES FOAR DE REVU:

We hâlde ús grutte repetysjes op:

Sneon 27 juny 9.30 oere yn't Waltahûs

Freed 3 july 19.30 oere " " "

Freed 10 july 19.30 oere " " "


Tiisdei 1 sept. 19.30 oere yn'e Haarsma-hallen

Woansdei 2 sept. 19.30 oere " " "

x Elts 'moat' oanwêzich wêze.

x De tekst moat sitte.

x Safolle mooglik yn tenu.



Sukses mei't oefenjen.

~ ~ ~ ~ ~
"Wat sil dat hjirre.....?!"


"Oh, I'am sorry, I don't understand Frisian!!"

Je witte nooit nooit hoe't in baltsje rôlje kin, mar miskien dat it boppesteande it kommende jier nochris foarkomme sil. Wat is it gefal?

Wy, dat binne Grytsje en Rick en ús bern Arjen en Jelte sille in jier nei de Feriene Steaten fan

Amearike ta. Rick hat dêr - yn it ramt fan in ûnderwiisútwikseling - foar in jier wurk krigen oan "Loveland Highschool" in Loveland, Colorado (70 km boppe Denver. It wurd fêst in spannend en learsum jier.... Mar it giet om in útwikseling: it wurk fan Rick en ús hûs oan'e Sylroede wurde foar in jier oernommen troch in Amerikaanske frou, Judy Swearingen, dy't hjir mei har bern Erica (11) en Eric (9) dus tydlik wenje sil. Erica sil nei de Titus Brandsma-skoalle yn Boalsert en Eric komt by master Dam yn'e klasse. En sa dwaande sil ek Tsjerkwert in lyts bytsje fan ús Amerikaanske aventoer meikrije.

Dit woene we even kwyt.
 Wat we wol jammer fine
 is dat we de reûny no
 net meimeitsje. Lykwols
 winskje wy jimme in grut
 feest ta en as wy jimme
 net mear sjogge: oant sjen;
 oant oer in jier, augustus 1988.



Grytsje, Rick, Arjen en Jelte.

.....

NIJS FAN BEABUORREN:

Elts hat grif wolris heard fan de race "Parijs - Dakar". Wolno Beabuorren hat sûnt 10 maaie ek sok soarte barren. It kaam sa: Thea, Jelle syn frou, sei op in jûn: as ik wurk yn Allingawier ha, kin ik sa hurd wol skean oer troch it lân rinne as hielendal oer Boalsert fytse. Huub en Yeb Witteveen hearden dat en woene dit fuort neier ûndersykje. Sa ûntstie de race Beabuorren - Allingawier. Huub op'e fyts oer Boalsert en Yeb skean oer troch it lân. Op 10 maaie om 3 min. oer tsienen de moarns, waard der tagelyk mei it yndrukken fan in cronomjitter startën. Yeb waard it earste ein begelieden troch syn keppel kij, en kaam dêrtroch yn de ferlieding him oan in kowesturt mei lûke te litten. Lokkich hat er it net dien, oars hie

diskwalifisaasje wurskynlik it gefolg west. Krekt 19 min. en 23 sec. letter gong Huub by de 'izeren ko' yn Allingawier oer de finis. Yeb gong precies 50 sec. letter om 20 min. en 13 sec. oer de streep. Foar beidë atleten in moai sukses mei in hiel lyts bytsje ferskil, yn dizze race fan Beabuorren - Allingawier. Allinnich wol jammer, dat by dit grutte barren altyd wer it gefaar fan fraude taint. Sa blykt út de berjochtjowing fan in geheime controlepost, dat Huub ûnderweis fersjoen is fan in frisse fyts en dat Yeb in noch ûnbekend stik fan de race swimmend yn it fan Panhuyskanaal ôflein hat. Dit sil dan ek noch neier ûndersocht wurde. De kofje en drabbelkoeken, dy't troch de auto's fol mei 'fans' yn Allingawier iten waarden, smakken der net minder om.

OPROEP - OPROEP - OPROEP:

De EHBO te Tjerkwerd wil begin oktober met een nieuwe cursus starten. De in totaal 16 lessen worden gegeven op dinsdagavond. Bedenk dat je aan je EHBO-diploma veel kunt hebben; Bij beroepen is steeds vaker een EHBO-diploma vereist, en je weet natuurlijk nooit wat er in je eigen omgeving kan gebeuren. Met 16 jaar mag je al examen doen, dus we rekenen op een grote opkomst!!!

Inlichtingen en opgave bij:

A. Mekking van Roekel,
tel. 9393.

**BELANGRIJK
BOEREN-
BOELGOED
TJERKWERD
Stamboekvee**

Notaris H. A. J. ALMA te
Bolkward, zal *Woensdag 22
April 1933*, voorm. 9 uur,
ten huize en ten verzoeken
van Mevr. de wed. Pasma te
Tjerkwerd, bij boelgoed à
contant verkopen:

I. Een gezond, melkrijk en
doorgefokt Beslag Vee, sinds
j. vrij van t.b.c. en ingesp. te-
gen M. en K. bestaande uit:
40 melke- en kalve koeien en
rieten, 14 bokkelingen, koe-
en stierkalveren, 10 schapen
(w.o. stamb.), stamb. hân,
lammeren, 3 dr. zeugen.

II. 3 Fr. stamb. Paarden en
wel: 2 ster merries en 1 dr.
merrie.

III. Volledige Boerenreuew
en enig hûsraad.

IV. Partij best HOOL.

Bezichtiging op 20 April van
10—12 uur en op verkoopd.
Boekjes verkrijgbaar à f 1.—.

SNYPSNAREN:

- In bytsje âld nijs
waard levere troch de
hun fan Hein en Akke.
Hein syn nije gebit lei
sadanich, dat de hûn
der by koe en dy fûn
it wol lekker. Foar
Hein waard it fansels
in djoer grapke.
- Rients en Coby hawwe
in monitor by de kûj,
dy't kealje moatte.
Soks is tige modern en
jo kinne op bêd bliuwe
om op'e hichte te
bliuwen. De monitor
wurke wol, mar Rients en
Coby waarden net wekker.
It keal rêde it net op,
in djoer grapke.
- Pyt Tolsma hie in ko
dy't finaal op'e rin rekke.
It bist wie net te
hâlden en folslein dûm,
kowedûmens dus (Ned.:
koedolheid).
- Marten Brandsma krige
in nijsgjirrich skip
mêi in fremde kapitein
foar de brêge. It skip

wie in flot en de kapitein in bok fan Sjoerd Breeuwsma. Marten krige it bist wer op'e wâl en wachtet no op in medalje fan it Carnegie-heldenfûns.

- De nightclub 'it fleske' is op Iemswâlde iepene.
- Kompjoeterboer Lolle komt eartiids op tillefysje.
- Tinke jo om'e fyts- en kuierroute op 4 en 11 july?
- Frou Wiersma en dochter Richtsje (Boalserterwei) hiene nei Parys west. Troch in misferstân hellen se de thúshaven net. Der kaam in aparte trein foar harren om it lêste trajekt 8f te lizzen.
- Opbringst kollekte Reade Krús f 411,35. Tige tank!
- Freark Schakel waard 8e fan Nederlân mei't omroppen! Hulde!
- 80 jier ferskil wie der tusken de dielnimmers fan ús klaverblêd-tocht. Roelof de Jöng (84) en Minke Dijkstra (4) wiene de âldste en de jongste.
- As jo ek in strontpomp hawwe wolle, kin dat miskien ek meielkoar. Ynl ochtings by Jehannes Dijkstra.



- In goede fekânsje tawinske.
- Kopy foar 15 septimber.

